

DE WENARKE FAN ANNE EN ESTHER DE BOER

bijdrage van Stichting Hattum de Vries

Yn febrewaris 2007 wurdt it betonbrechje op it West sloopt. It brechje is dan sa'n 70 jier âld. Op dit plak hâldt it West op en begjint de Manjepetswei.

Yn 1937 wurdt begong mei de oanlis fan in wei nei Earnewâld, de Manjepetswei. De brêge leit oer in feart fanút de Geauw. Al gau nei it brechje, is it in dearinnende feart. Op âlde kaarten is net te sjen dat de feart oait fierder it noarden yn gie. As wetterlossing wie de feart faaks belangryk. Fierder wennen oan de oare kant fan de brêge heit en soan Marten en Kees de Vries. Hja wiene fisker, reidsnijer en jager. Foar har wie it wol noflik dat hja oan eigen hiem oanlizze koene. Krekt foar de brêge wie in sydfearstsje dat nei de wei ta dea rûn. Sadwaande wie der in stikje grûn yn de foarm fan in V tusken de wei en beide wetters. In prachtich plakje foar in wenarke. Dêr hat dan ek jierren lang in wenarke lein.

Safier at ik neigean kin,leine dêr foar de 2e wrâldoarloch Folkert en Mine de Jong. Mine wie in lyts wyfke en wat oan har opfoel wiene har 'O-benen'. Hja wie in Dútse frou, dat doe't der oarlochsdriging wie, ha de Nederlânske striidkrachten har efkes ophelle. Se koe ris op Dútske hân wêze en dingen ferriede. Wat der te ferrieden wie, wie de 'waterlinie'. Aldegeasters moasten evakuearje want de boel soe ûnder wetter set wurde. Jo koene sa gau net tinke as Nederlân wie beset, dat Mine mocht wer nei har Folkert yn de arke. Yn'e oarloch binne hja ferhuze en kamen Hindrik en Griet Kasemier yn de arke te wenjen. It hie samar wêze kinnen dat no de Dútsers Hindrik ophelle hiene. Want hy wie in fersetsman en lid fan de knokploech. Foar, yn de punt fan de arke leine in hiele protte wapens. Dizze wapens wiene dropped en waarden troch de mannen brûkt om te oefenjen. Hindrik en Griet geane nei de Skoallereed te wenjen en wêr't de arke dan bliuwt, wyt ik net. Miskien wol nei de opslach tusken de fam. Algra en Toering.

Yn 1952 wolle Anne de Boer út Earnewâld en in jongfaam út Aldegea, Esther Debreczeny, graach trouwe. De efternamme fan Esther is in hiele oarenien as de hjir bekende nammen, van der Wal, de Vries en de Jong. Esther har heit is Jozef Debreczeny, hjir kaam yn de 1ste wrâldoarloch as flechtling út Hongarije. Hy wie doe noch mar 17 jier en waard opnaam yn it gesin fan de weinmakker. Nei de oarloch hat hy werom west nei Hongarije. Mar syn heit wie stoarn en syn mem tocht dat it ferstanniger wie dat hy wer nei Fryslân gie. Dat hat Jozef doe dien, is hjir troud, wenjen bleaun en hat 10 bern krigen. Syn dochter Esther en har Anne hawwe gjin jild genôch om in hûs te keapjen. Mar in arke kin ál, dat Anne keapet yn Earnewâld in arke. Se slepe him troch de Geau nei it brechje en bliuwe dêr wenjen oant en mei 1962. It arkje hat in doar nei bûten, in keamer mei in hiel lyts oanrjochtsje en 2 sliepkeamers. Der is gjin elektrysk en ek gjin wetterlieding, se moatte it dwaan mei petroaljelampen en stellen.

Wetter genôch yn de feart fansels en dat is al sa helder as wat, dat kinne se moai brûke foar de wash.
Mar wetter om te drinken en iten te sieden helje hja út de reinwetterbak by de buorlju wei.
Se kinne poerbêst mei de buorlju, Willem en Antsje Mud. En dat is fan beide kanten wol noflik.
At Antsje yn it sikehûs yn Drachten leit, moat Willem dêr op'e fyts hinne en hy bliuwt dan hast de hiele dei wei. Anne rêdt dan mei Willem syn buorkerij.
Antsje hat wol gauris wat. Dizze selde Antsje is dit jier stoarn, 102 jier âld!

Simmers wie't noflik wenjen yn de arke, mar winters wie in ôfgriis, sa fertelt frou de Boer my.
Ferskriklik, sa kâld, der wie net tsjin te stoken. Hja hiene ûnderwilen al wetterlieding krigen.
Mar yn de put njonken de arke, dêr't de meter siet, moast in petroaljestel brâne, oars wie de boel befêrzen. De beide jonges, dy't wilens berne wiene, krigen by't winter de redens yn'e keamer ûnderbûn en waarden troch it iepen finster sa op it iis set.
Anne wie boerearbeider by Klaas Jansma op it Utein wurden, op de pleats dêr't no de fam. Poppema wennet. Klaas en Anne fûnen út dat de arke ek wol yn in dobbe op it Utein lizze koe.
De fa. van der Velde út Drachten kaam mei in grutte kraan, hat de arke út de feart tild en op in ûnderstel set. Sa hawwe se de boel nei it Utein 'ferfean' en de boat yn de dobbe lein.
De jongste soan fan Anne en Esther is hjir berne. Folkert de Haan hat in tredde sliepkeamer oanboud.
It foldie Esther mar min dêr op it Utein, it wie har fierstente stil en se moast altyd op'e fyts sa'n smoarge reed del om de jonges nei skoalle te bringen. Dat fûn se mar neat.
Dat de fa. van der Velde moast wer komme en it keunske waard herhelle, mar no krekt oarsom.
En se leine wer by it bregje op it West.

Anne kriget in baan by Philips. En neidat hja 10 jier yn de arke wenne ha, ferhûzje hja nei de Schwartzenbergleanen yn Drachten. Se ferhiere de arke oan Johannes en Ciska, Johannes fan Kobus en Annigje. Hja ha der net hiel lang wenne en dêrnei stiet de arke leech.
Dat is mar in gelok, want op in nacht giet der in dikke wynhoas oer Aldegea en Earnewâld en dy nimt it hiele dak mei. It leit in ein fierderop yn it lân. Sloper Piet Alma út Drachten keapet de boel.
Dit betsjut de ein fan de arke, der hat noait wer in arke op dat plak lein.
In eintsje it brechje foarby, njonken it hiem fan Kees Martens de Vries, hat Albert 'Snikke' yn in arkje wenne.

Esther, frou de Boer, is no 82 jier âld en soe bêst wer yn Aldegea wenje wolle. Mar noait wer yn in arke, fertelde hja my.

Der ha folle mear wenarken yn Aldegea lein, dêr komme wy in oare kear graach op werom.

Sytze Bruïnsma.



Foto: de wenarke fan de fam. de Boer